

Tekst 1 Is elk wittenskiplik ûndersyk wol wittenskiplik?

- 1p 1 Wat is de funksje fan alinea 1?
Alinea 1
A beskriuwt it sintrale probleem.
B yntrodusearret in saakkundige/ekspert.
C jout in anekdoate.
- 1p 2 Wêrom stiet 'ûndersyk' (r. 5) tusken oanhellingstekens?
Brûk net mear as 15 wurden.
- De volgende inleiding hoort bij de vragen 3 en 4.*
"de kâlde dûs fan kritek fan kollega's" (r. 28-29)
- 1p 3 Fan hokker bysûnder taalgebrûk is hjir sprake?
A It is in metafoar.
B It is in personifikaasje.
C It is in understatement.
D It is irony.
- 1p 4 Wat bedoelt de skriuwer mei de beskriuwing 'de kâlde dûs'?
- Yn alinea 3 makket Piersma ûnderskied tusken 'echte wittenskip' en 'net-echte wittenskip', dy't by in soad belied as ûnderbouwing brûkt wurdt (r. 31-35).
- 3p 5 Neam trije skaaimerken fan it bedriuwen fan echte wittenskip dy't yn de alinea's 4 en 5 neamd wurde.
- 1p 6 Hoe sjocht Piersma it bedriuwen fan wittenskip yn alinea 4?
A as ambachtlik
B as ynspannend
C as riskant
D as ûnderdanich
- 1p 7 Wêrom soe Piersma – mei it each op syn eigen fyzje op wittenskip – eins bliid wêze moatte mei de hannelwize fan de media?
- "Elke stap ... oerein bliuwt." (r. 106-112)
- 1p 8 Jou de sin út alinea 4 dy't mei dit tekstpart oerienkomt.
- "It proses fan it oanhâldend tsjin it ljocht hâlden fan 'wierheden' is fan grut belang yn it maatskiplik ferkear." (r. 121-123)
- 1p 9 Wêrom stiet 'wierheden' hjir tusken oanhellingstekens?

De volgende inleiding hoort bij de vragen 10 en 11.

“It binne twa moaie foarbylden fan hoe’t it yn de wittenskip om en ta giet. It docht bliken, dat de oanfallen goed wurkje.” (r. 147-150)

2p 10 Hokker twa foarbylden wurde bedoeld?

2p 11 Jou foar elk foarbyld oan mei hokker krityk oanfallen wurdt.

“bewenners fan de ivoaren tuorren” (r. 176-177)

1p 12 Wa wurde dêr mei bedoeld?

1p 13 Wat is de funksje fan it oanheljen fan Piersma syn eigen fakgebiet yn de alineas 13 en 14?

It is in foarbyld fan hoe’t

A it yn it ferline wolris ûntsettend misrûn is.

B it net sûnder pynlike konklúzjes kin.

C lêstige kwestjes tefoaren kommen wurde kinne.

2p 14 Wat is it antwurd fan Piersma op de fraach dy’t yn de titel steld is?

Antwurdzje mei ja of nee en ljochtsje it antwurd ta.

Brûk foar de taljochting net mear as 20 wurden.

Tekst 2 Wy binne net safolle fierder

“Tegearre mei *Le deuxième Sexe* (De Twadde Sekse) fan Simone de Beauvoir joech dat boek de oanset ta de Twadde Feministyske Weach, dy’t duorre oant yn de jierren njoggentich.” (r. 10-15)

2p 15 Ferklearje de titel fan it boek fan Simone de Beauvoir oan ’e hân fan twa aspekten dy’t yn de alineas 1 oant en mei 3 beskreaun wurde.

Ut alineas 2 kin opmakke wurde wat in wichtich idee fan de earste Feministyske Weach wie dy’t neitiid gjin stân hold.

1p 16 Neam it idee.

“Mar ûnder de oerflakte wynt it har wat yn it liif om.” (r. 38-40)

1p 17 Wat wurdt mei dy sin bedoeld?

“In hongere dy’t iten net sêdzje kin”. (r. 40-41)

1p 18 Wat bedoelt Betty Friedan mei ‘hongere’?

1p 19 Yn hokker opsicht komme it doel fan de Earste en it doel fan de Twadde Feministyske Weach oerien?

Brûk net mear as 20 wurden.

- 3p **20** Set fjouwer ferskillen tusken 1963 (alinea 2) en no (alinea 3) foarinoar oer:

1963	no
<i>Berop húsfrou</i>	<i>Minder froulju dy't inkeld húsfrou binne</i>

- 1p **21** Wat is it ferbân tusken it tekstpart “Yntiid binne ... oer hat.” (r. 42-44) en de rest fan alinea 3 (r. 45-66)?
- A It is in konkludearjend ferbân.
 - B It is in opsomjend ferbân.
 - C It is in redenjaand ferbân.
 - D It is in tsjinstellend ferbân.

- 1p **22** Wat is it ferbân tusken it tekstpart “Sifers fan ... yn 1963.” (r. 51-66) en alinea 4?
- A It is in konkludearjend ferbân.
 - B It is in opsomjend ferbân.
 - C It is in redenjaand ferbân.
 - D It is in tsjinstellend ferbân.

“Is Friedan har dream dat froulju út eigen yntellektuële fearren fleane soenen en harrensels en harren geastlike fermogens ûnbehindere ûntwikkelje soenen, wol útkommen?” (r. 69-74)

- 2p **23** Beäntwurdet de skriuwster fan dizze tekst, ôfgeande op de ynhâld fan alinea 4, de fraach befestigjend of ûntkennend? Ljochtsje it antwurd ta.

- 1p **24** Wat is it ferbân tusken alinea 5 en alinea 6?
- A It is in konkludearjend ferbân.
 - B It is in opsomjend ferbân.
 - C It is in tsjinstellend ferbân.
 - D It is in útlizzend ferbân.

Deze inleiding hoort bij de vragen 25 en 26.

Yn de alinea’s 5 oant en mei 7 leit de skriuwster út dat froulju noch hieltyd net foar fol yn it arbeidsproses meidwaan kinne.

- 3p **25** Neam út dit tekstpart trije foarbylden dy’t neffens de skriuwster dizze stelling yllustrearje.
- 1p **26** Jou de term dêr’t de skriuwster twa fan dy foarbylden mei omskriuwt.

Deze inleiding hoort bij de vragen 27 en 28.

De skriuwster giet yn op de eftergrûn fan it hearskjende idee oer froulikheid troch ferklearringen fan Freud (alinea 8) en Swaab (alinea 9) te beskriuwen.

1p 27 Yn hokker opsicht komme de ferklearringen fan Freud en Swaab oer de sekseferskillen oerien?

2p 28 Wat is it (belangrykste) ferskil tusken de ferklearringen fan Freud en Swaab?

1p 29 Sitearje de sin dy't de haadgedachte fan de alinea's 10 en 11 ferwurdet.

“Sa'n ferhaal sil men hjoed-de-dei net gau mear opheine.” (r. 243-244)

2p 30 Lis út op hokker ûnderskied tusken eartiids en no de skriuwster hjir doelt.

Deze inleiding hoort bij de vragen 31 tot en met 33.

De kearn fan de tekst, tusken ynlieding en slotalinea, kin mei ûndersteande kopkes yn trije opienfolgjende parten opdield wurde:

diel 1: Ferliking mei tsjintwurdich

diel 2: Mooglike ferklearringen

diel 3: Fyzjes op de frou

1p 31 By hokker alinea begjint diel 1?

1p 32 By hokker alinea begjint diel 2?

1p 33 By hokker alinea begjint diel 3?

1p 34 Wat foar tekstsoarte is ‘Wy binne net safolle fierder’?

A It is in redenearring.

B It is in skôging.

C It is in útiensetting.

1p 35 Hokker fan de ûndersteande sinnen jout de haadgedachte fan de tekst it bêste wer?

A Alhoewol't it tinken oer de frou gâns feroare is, binne de arbeidspartisipaasje fan froulju en harren tagong ta it ûnderwiis yn ferliking mei fyftich jier ferlyn amper tanommen.

B De arbeidspartisipaasje fan froulju en harren tagong ta it ûnderwiis binne yn ferliking mei fyftich jier ferlyn tanommen, mar it tinken oer de frou is yn essinsje amper feroare, dat froulju kinne har tsjintwurdich noch hieltyd net foldwaande ûntjaan.

C De arbeidspartisipaasje fan froulju en harren tagong ta it ûnderwiis binne yn ferliking mei fyftich jier ferlyn tanommen, trochdat it tinken oer de frou gâns feroare is.

D Froulju út de 21ste ieu kinne har folslein ûntploaie, sa't bliken docht út harren hegere arbeidspartisipaasje en bettere tagong ta it ûnderwiis yn ferliking mei fyftich jier ferlyn.